

Ried fan de
Fryske Beweging

foar Fryslân, Friezen en it Frysk

Jierferslach 2020



Algemien

It wie in bysûnder jier, 2020. Net allinnich foar de Ried fan de Fryske Beweging, mar foar de hiele wrâld. Yn maart kaam de koroana-pandemy oer ús en we hawwe dêr it hiele fierdere jier mei tangele sitten. It soe sa moai wurde: de Ried bestie 75 jier en dêr woene we yn de hjerst wiidweidich omtinken oan jaan. It koe allegear net trochgean. Troch de tichtplicht (lockdown) mochten we as bestjoer net iens mear libbensliif byinoar komme. It hat ús der lykwols net fan wjerholden saken oan te pakken dy't we yn it belang fan it Frysk nedich achten.

Ynterne Saken

Bestjoer

Gearstalling: Pier Bergsma (foarsitter), Nynke Beetstra (skriuwer), Arjen Dijkstra (ponghâlder), Jehannes Elzinga, Nanne Hoekstra, Folkje Koster en Aant Mulder.

Adviseurs: Geeske Krol-Benedictus en Frank de Boer.

Administratyf meiwurker: Baukje Westra-Keulen.

Yn febrewaris is Nynke Beetstra nij yn it bestjoer kommen yn it plak fan Hans Kort dy't yn desimber 2019 ôfskied nommen hie. Mei yngong fan septimber hat Nynke it skriuwerskip oernommen fan Folkje Koster dy't sa mear tiid oan har wurk as redaksjelid fan De Nije besteegje kin.

It bestjoer hat yn 2020 acht kear byinoar west, trije kear by Tresoar en fanwege koroana fiif kear digitaal fia Zoom.

Politike kommisje (POK)

De politike kommisje fan de Ried fan de Fryske Beweging jout frege en net-frege advizen. De POK hat yn 2020 twa kear oerlis hân en hat de Ried û.o. advisearre by in oerlis mei deputearre Poepjes oer de sichtberens fan it Frysk en by in brief oan de provinsje oer it kurrikulum.frl. Fierder binne yn de POK Fryske saken bepraat dy't by minister Ollongren fan Ynlânske Saken en yn de Twadde Keamer op it aljemint brocht binne.

Der sitte tsien minsken yn de POK:

- | | |
|--|--------------|
| - Geart Benedictus, adviseur út namme fan de RFFB | |
| - Pier Bergsma, foarsitter Ried fan de Fryske Beweging | |
| - Sjirk Eildert Bruinsma | D66 |
| - Hanneke Goede | SP |
| - Anja Haga | ChristenUnie |
| - Lutz Jacobi (foarsitter) | PvdA |
| - Jochum Meester (skriuwer) | FNP |
| - Willem Verf | GrienLinks |
| - Harry van der Molen | CDA |
| - Aukje de Vries | VVD |

Stipers en oansletten organisaasjes

Op 31 desimber 2020 telde de Ried 270 beteljende stipers.

De folgjende organisaasjes wiene yn 2020 by de Ried oansletten: Feriening Frysk Underwiis, Frysk Boun om Utens, Fryske Rie, Jongfryske Mienskip, St. Krúspunt Oekumenysk Platfoarm, St. Slach by Warns, Federaasje fan Fryske Studinteferienings, St. Amateurtoaniel Fryslân, Folkshegeskoalle Schylgeralân en de Freonen fan Omrop Fryslân. De Freonen fan de Omrop hawwe oan de ein fan it jier harren lidmaatskip opsein.

Grutte Ried

De Grutte Ried, de gearkomste fan de Ried fan de Fryske Beweging mei stipers en oansletten organisaasjes, koe yn 2020 net trochgean fanwege koroana. Om oan ús ferplichting te foldwaan de jierferslaggen fan skriuwer en ponghâlder oan de Grutte Ried foar te lizzen en fêststelle te litten, binne dy op de webside publisearre mei it fersyk om fragen of reaksjes troch te jaan. Yn de bestjoersgearkomste fan 2 novimber binne de ferslaggen fêststeld. Yn de earstkommende Grutte Ried sil dat bekrêftige wurde.

Renze Valk ferstoarn

Op 6 novimber is yn de âldens fan 83 jier ús wurdearre âldbestjoerslid Renze Valk ferstoarn. Renze hat him fan 2006-2018 mei ynmoed ynset foar de Ried en dêrmei foar de Fryske taal en kultuer.



Op syk nei nije foarsitter

De Ried siket al inkele jierren om in nije foarsitter. De hjoeddeistige foarsitter, Pier Bergsma, hâldt der yn de rin fan 2022 mei op en de nije man of frou moat tiid krije om waarm te draaien yn it bestjoer. Wy soene dêrom graach op net al te lange termyn in opfolger fine. Nammen fan kandidaten binne tige wolkom.



It bestjoer fan de Ried hat yn 2020 mei ferskate minsken en ynstânsjes kontakt hân, libbensliif, digitaal of skriftlik. Fan guon fan ús aksjes binne parseberjochten ferstjoerd dy't yn de media ferskynden.

Taalplan Ljouwert

De Ried hat yn 'e mande mei Afûk en EBLT meiwurke oan it taalbelied fan de gemeente Ljouwert. Op 29 jannewaris waard it nije taalplan presintearre. Inkele punten dêr't de Ried op wiisd hat: -soargje foar in gruttere sichtberens fan it Frysk; -jou taal mei in wurkgroep en budzjet in serieuze plak yn it belied; -brûk mear Frysk yn de kommunikaasje mei boargers.

Kultuernota gemeente Noardeast-Fryslân

De Ried hat yn septimber in brief skreaun oer de kultuernota 2021-2026 fan de nije gemeente Noardeast-Fryslân. De Ried hat foaral wiisd op it belang fan in goed taalbelied en de wearde dêrfan foar de identiteit fan de ynwenners.

Juridysk trajekt wetlike posysje Frysk op skoalle

De FFU en Sis Tsiis hawwe de Ried frege om mei harren te ûndersykjen oft in juridysk trajekt ynset wurde kin om it Frysk in plak op de skoallen te jaan dat rjocht docht oan de wet. As bestjoer kamen we ta de konklúzje dat we dat op koarte termyn net sitten sjogge. Wy wolle earst de útkomst fan it juridysk proses ôfwachtsje fan ús Riedslid Jehannes Elzinga oer de plaknammejouwing yn de gemeente Waadhoeke. Ek jouwe we de foarkar oan oare paden om in better plak foar it Frysk te befjochtsjen, sa as in petear mei de Haadynspeksje yn Utert en de Underwiisried yn De Haach.



Yn de saak oangeande harmonisaasje fan de plaknammen binnen Waadhoeke kaam de rjochter yn desimber mei de teloarstellende útspraak om it berop fan Jehannes Elzinga tsjin it belied fan de gemeente ôf te wizen op procedurele grûnen. Besletten waard yn 'e mande mei de Topografyske Wurkgroep Fryslân om net yn heger berop te gean by de bestjoersrjochter mar om te besykjen yn 2021 op in oare wize juridysk syn rjocht te heljen.



It Fryske Gea en it Frysk

It plan om de webside fan It Fryske Gea mei stipe fan de Ried yn it Frysk oerset te litten, is net trochgien. It Gea seach tefolle tûkelteammen fanwege it grutte tal teksten en de feroarings dy't dêr geregeld yn trochfierd wurde. Wol ha we ôfpraat dat It Fryske Gea op sawol de eigen webside as op dy fan It Nijs dúdlik makket dat se It Nijs stypje.

Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023

Yn juny 2019 wie der oerlis oer it Frysk tusken de fêste Keamerkommisje en minister fan Ynlânske Saken Ollongren. Om dêr ekstra omtinken foar te freegjen fierden Sis Tsiis en de Ried doe aksje yn De Haach. De reaksje fan de minister op de fragen fan guon Keamerleden doe kaam yn desimber 2019 en foldie net oan de ferwachtingen. Leden fan dy Twadde Keamerkommisje koene dêr wer op reagearje en hawwe yn jannewaris 2020 opnij fragen yntsjinne.



De Politike kommisje fan de Ried, dêr't guon Keamerleden yn sitte, hat dêr in weardefolle bydrage oan levere. De minister die yn har antwurd inkele konkrete tasizzingen, û.o. oangeande de ûnderwiisynspeksje en mear sichtberheid fan it Frysk.

It Frysk yn de Twadde Keamer



Yn desimber stie it Frysk even sintraal yn de Twadde Keamer. Der moast oer mar leafst fiif moasjes stimd wurde en se binne allegear oannommen. In wichtige ynbring dêrby hiene twa leden fan ús POK, nammentlik Aukje de Vries (VVD) en Harry van der Molen (CDA).

Besletten waard dat De Haach it tenei net mear oer Friesland mar oer Fryslân hawwe sil, dat it Frysk sichtberder wurde moat, dat der mei de rjochtbank opnij oerlis oer it brûken fan it Frysk komt, dat it Ryk

belutsen bliuwt by Tresoar en as fyfde dat de Twadde Keamer stipe oan it Minority Safepack Initiative (MSPI) jout.

Ried stipet petysje oer Fryske Akademy

Yn in brief oan Provinsjale Steaten hat de Ried oanjûn de petysje fan it Feitsma Fûns oangeande de nij te beneamen direkteur fan de Fryske Akademy te stypjen. Dy petysje is 16 septimber 2020 oanbean oan kommissaris Brok. Yn dy petysje wurde Brok en de Steaten oproppen har ynfloed te brûken om te soargjen dat de Akademy in nije direkteur krijt dy't neist wittenskiplike en bestjoerlike kwaliteiten, ek hert hat foar de Fryske taal en kultuer.



Yn desimber waard dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm beneamd as nije direkteur. Se is berne yn 1986 yn Hengelo, wie earder konservator fan it Frysk Museum en promovearre op it ûnderwerp Frisia yn de tiid fan de Wytsingen. Sy ferstiet Frysk en wol it gau leare te praten. Se begjint 15 maart 2021.

Oerlis mei Abe de Vries

Om't Abe de Vries opmerkings en suggestjes oangeande de struktuer en inkele produkten fan de Ried kenber makke hie, ha we yn septimber in petear mei him hân. Abe hat oanbean om ús advys te jaan oer bygelyks It Nijs en De Nije, mochten we dêr ferlet fan hawwe.

Simmerskoallen Frysk

Yn oktober hat de Ried yn in skriuwen Provinsjale en Deputearre Steaten oproppen om de mooglikheden foar Simmerskoallen Frysk te stimulearjen. Simmerskoallen bestean al yn inkele gemeenten yn Fryslân. It is in mooglikheid om bern de kâns te jaan wat oan efterstannen oangeande taal en rekkenjen te dwaan. Dy efterstannen binne der ek as it giet om it Frysk. De Ried hat dêrom de provinsje oproppen om yn 'e mande mei gemeenten, skoalbestjoeren, Afûk en stichting Tsjille en Wille yn alle gemeenten simmerskoallen te organisearjen dêr't it Frysk royaal oan de oarder komt.

Op it oerlis dat de Ried dêr 4 febrewaris 2021 mei de provinsje oer hie, joech deputearre Poepjes oan ree te wêzen it idee foar Simmerskoallen Frysk te befoarderjen, mar dat it oan de skoalbestjoeren en skoalkoepels sels is om der wat mei te dwaan.



Fersyk om mear finansjele stipe Provinsje

Ponghâlder Arjen Dijkstra hat yn oktober in petear mei de Provinsje hân oer de oanfraach foar de boekjiersubsydzje 2021-2024. Wy wolle graach mear finansjele stipe, foaral foar de sichtberens fan it Frysk: in profesjoneel kader foar It Nijs en subsydzje foar ús folslein Frysktalige tydskrift De Nije. Konklúzje: opheegjen fan de boekjiersubsydzje sit der net yn. We besykje it yn 2021 nochris. Deputearre Poepjes kriget mear sinjalen oer boekjiersubsydzjes en wol dêrom besjen wat de mooglikheden binne. Dêr hoopje wy yn de rin fan 2021 mear oer te hearren.

Reaksje Ried, EBLT en FFU op Kurrikulum Frysk



De Ried, it EBLT en de FFU hawwe yn novimber 2020 in mienskiplike reaksje nei de Provinsje stjoerd op it nije Kurrikulum Frysk, dat opsteld is troch in Cedin-wurkgroep. It primêr en fuortset ûnderwiis hawwe mei dat kurrikulum in ramt krigen om har taalbelied foar de kommende jierren stal te jaan.

Ried, EBLT en FFU stelle in stikmannich krityske fragen en dogge in tal oanrekommandaasjes, û.o. oer de eask fan draachflak foar it fak Frysk (soks is by oare fakken net oan de oarder) en oer de rol fan de ûnderwiisynspeksje. Deputearre Poepjes hat oanjûn dêr graach mei de trije organisaasjes oer yn petear te wollen. In útnûging folget noch. Ek de FNP-steatefraksje wol dêr mei ús oer prate, mar troch koroana is de ôfspraak dy't dêroer makke wie, opskood.

Ried kritysk oer notysje DINGtiid

De Ried hat yn desimber 2020 kritysk reagearre op in notysje fan DINGtiid dêr't dat advysorgaan it ynstellen fan in nije Kennisried foar it Frysk yn oanrekommandearret. De Ried is dêr net bot oer te sprekken en freget him ôf oft sa'n nije advysgroep sûnder beslissings- en útfieringsfoech wat taheakje sil oan de mooglikheden dy't der no al binne. Der is gjin brekme oan kennis en kunde oer it Frysk. Wól is der in grut tekoart oan in effektive ymplementaasje fan plannen. Soks wurdt neffens de Ried net oplost mei in nije praatgroep.



Fear yn 'e Broek



De Fear yn 'e Broek dy't de Ried fan de Fryske Beweging alle jierren útrikt oan in persoan of ynstânsje dy't him ynset foar de Fryske taal en kultuer, wie yn 2020 foar de Stichting Frysktalige Berne-opfang (SFBO), it kennissintrum meartaligens jonge bern.

De Ried is fan betinken dat de SFBO him al sûnt 1980 tige fertsjintlik makket as ynformaasje-, kennis- en stipepunt op it mêd fan meartaligens en taalstimulearring yn de foarskoalske perioade, benammen op pjutteboartersplakken en de twatalige berne-opfang. Troch koroana kin de útrikking pas plakhawwe yn de rin fan 2021.

Plombrieven

Der binne yn 2020 twa plombrieven ferstjoerd. De gemeenteried en it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan de gemeente Noardeast-Fryslân krigen in 'plom' om't se yn septimber ienriedich stimd hawwe foar it ynstellen fan Frysktalige plaknammen. De plaknammen wurde dêrmei net allinnich op de kombuorden set, mar ek fêstlein yn de 'Basisadministratie Adressen & Gebouwen'.



De twadde plombrief wie foar Jangerben Mulder fan Nijhoarne. Hy slagge deryn om syn histoaryske streekferhalen yn it Frysk opnommen te krijen yn GrootHeerenveen. Dyselde krante, dy't earder noait Frysk brûkte, bondele yn augustus santjin fan dy ferhalen yn in boekje. Ek krige Mulder de streekkrante RondOm safier dat se sitaten en in kollum yn it Frysk opnamen.


Fryske Reklamepriis

De Fryske Radioreklamepriis wie yn 2020 foar Rederij Doeksen dy't 56% fan de stimmen krige. De oare dielnimmers, Meulen & Baarsma en FRYSK Makelaars, hiene tegearre sawat de oare helte fan de stimmen. Fanwege koroana kin de priis pas yn de rin fan 2021 útrikt wurde.

De Fryske Reklamepriis is in inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging en wurdt sûnt 1995 organisearre.



Bûsboekje



Yn septimber lei it nije Bûsboekje wer rûnom foar € 7,50 yn de boekhannels. De jiergong fan 2021 giet oer ‘spultsjes’. Ferhaaltsjes en útlis oer âlde Fryske spultsjes. Mar ek gewoan foarbylden fan spultsjes om sels te dwaan. Lykas wenst slute de siswizen boppe-oan de siden oan by it tema en wurdt ek wer praktyske ynformaasje jûn oer Fryske organisaasjes, Fryske plaknammen en data fan de skoalfakânsjes.

Earst wie it Kristlik Frysk Selskip (KFS) de útjouwer, no is dat de Ried fan de Fryske Beweging. It Bûsboekje bedript him finansjeel noch hielendal sels. De Bûsboekjeredaksje bestiet yn 2020 út Adalgard Willemsma, Minke Dooper, Sieta de Vries, Piter Andringa, Arjen Dijkstra en Klaas Johan Osinga. Adalgard Willemsma hat ein 2020 ôfskied naam fan de redaksje.

Fernijde webside Ried en Startside

De webside www.fryskebeweging.frl is ferienfâldige. It seit himsels dat der ynformaasje oer de Ried en by de Ried oansletten organisaasjes op stiet. As der nijs is oer of fan de Fryske Beweging wurdt dat no automatysk op de Bewegingsside oernommen fan ús nijsside www.itnijs.frl.



De Ried hat in fernijde poarte nei Frysktalige websiden iepenset: **Startside**. Dy side dy’t earst yntegrearre wie mei de Bewegingsside, is fernijd en útwreide. It Frysktalige part fan it wrâldwide web wurdt op www.startside.frl yn de etalaazje set. Fan dy side kin trochklikt wurde nei alle Frysktalige websiden dy’t by de Ried bekend binne. Ek is op startside.frl nijsgjirrige eftergrûnynformaasje te finen oer Fryslân, de Friezen en it Frysk.

It Nijs



It tal besikers fan It Nijs, de Frysktalige nijswebside fan de Ried dy’t yn augustus 2009 lansearre waard, giet noch net bot omheech. Om dêr wat oan te dwaan is it tal oeren fan de beide betelle krêften Henk Wolf en Hedwig Terpstra yn 2020 fan fjouwer nei fiif gien. Dat smiet 10% mear lêzers op. Sy sette alle dagen it ‘gewoane’ nijs derop, mei de klam op it Fryske en regionale Europeeske nijs.

Fierder soargje û.o. in taalrubryk en in tal fêste en minder fêste kollumnisten foar bydragen dêr’t It Nijs him mei ûnderskiedt fan oare media. De mooglikheid om kommentaar te leverjen op in nijsberjocht of miening wurdt gauris gebrûk fan makke. Jan Breimer is einredakteur en bestjoerslid Nanne Hoekstra hat de einferantwurdlikheid.

Deiblêd en Wykblêd It Nijs

Fan It Nijs ôflaat binne it digitale Deiblêd en it digitale Wykblêd. Minsken kinne har dêr fergees op ynskriuwe. It Deiblêd bringt alle dagen alle berjochten dy't dy dei op It Nijs ferskynd binne. It Wykblêd lit tsien fan de meast nijsgjirrige bydragen fan de ôfrûne wike sjen en ferskynt alle woansdeis. It Deiblêd hie 31 desimber 165 abonnees, it Wykblêd 5804.

Fansels sitte we ek op de **sosjale media**: Facebook 4952 freonen fan It Nijs; Twitter 3314 folgers fan It Nijs; Instagram 919 folgers fan It Nijs.

De Nije



Nei in earste 0-nûmer yn 2018 en ien nûmer yn 2019, kamen we yn 2020 yn it goede ritme mei ús Frysktalige tydskrift De Nije. Yn 2020 ferskynden der yn dy twadde jiergong fjouwer nûmers, allegear mei in spesifyk tema: 1. Iten & drinken, 2. Rekreaasje & toerisme, 3. Nei 75 jier 'feroarjende tiden' en 4. Fryslân & Europa. Yn alle nûmers is, neist allerhanne artikels oer it tema, plak foar fêste ûnderdielen as in puzel en in troch de Afûk fersoarge bernekatern. Ek is yn alle nûmers in wedstriid opnommen. Yn 2020 wiene dat in ferhalewedstriid, in essaywedstriid oer it tema 'Nei 75 jier' en twa oersetwedstriden.

De stipers fan de Ried krije De Nije fergees tastjoerd en dêrbûten wiene der oan de ein fan it jier 70 abonnees. Noch net genôch, mar wol stadichoan mear. De redaksje wurdt foarme troch Pier Bergsma, Aant Mulder, Arjen Dijkstra, Nanne Hoekstra en Folkje Koster. Fierder soargje in tal fêste en wikseljende meiwurkers foar bydragen en makket printer Weissenbach yn Snits der in prachtich magazine fan, ryk yllustrearre mei foto's.

Ynternasjonale kontakten

De Ried is oansletten by de FUEN, in Europeeske organisaasje fan minderheden. Troch koroana koene de gearkomsten allinne digitaal holden wurde. It ZOOM-jierkongres waard holden op sneon 24 septimber. Dêrneist wie der op tongersdei 3 desimber in ZOOM-gearkomste oangeande de Non-Kin States. Dat binne minderheden sûnder eigen lân, lykas de Friezen en de Sorben yn Dútslân. Dêrneist binne der in tal minderheden lid fan de FUEN dy't wol in 'eigen' lân hawwe. Dat jildt benammen foar in tal Dútsktaligen. Sa is der in Dútsktalige minderheid yn Itaalje, Denemarken en Ruslân.

De gearkomste gie foar in part oer de útwikseling fan ideeën. Sa hawwe wy al in pear kear wat sjen litte kind oer ús digitale krante It Nijs. Op 10 desimber wie der in ZOOM-gearkomste fan de 'Educational Workgroup'. Al binne wy kritysk oer it ûnderwiis yn it Frysk, it docht bliken dat we it hjir yn ferliking mei in soad minderheden, benammen yn East-Europa, better foarinoar hawwe.



Ta beslút

Kongressen en lêzingen koene dit bysûndere jier spitigernôch net trochgean. We koene sels ús eigen 75-jierrich jubileum net fiere. Ek yn it jier 2021 is de situaasje noch lang net stabyl. It is it jier dat Kneppelfreed yn novimber 70 jier lyn is. Fier foarút planne is no net mooglik, mar we hoopje yn alle gefallen yn ús Fedde Schurerlêzing rom omtinken te jaan oan dat foar it Frysk sa wichtige barren.

